

## **Snein 7 septimber**

Protestantse Gemeente te Skettens, Skraard, Longerhou & Wûns  
yn de tsjerke fan Longerhou.



foargonger: Liuwe H. Westra  
âlderling: Sikke Tilstra  
diaken: Gaildina Reitsma – van der Hoek  
oargelist: Petra Greijdanus – Nieuwenhuis  
eufonium: Douwe Politiek  
lector: Attje Elgersma – Joustra  
koster: Sybren Renema

## **Musyk foar de tsjinst: Edmund Parlow – Opus 138 – nr 34**

### **Wolkom en meidielings**

### **Oanstekken fan 'e kears fan ferbining**

### **Yntochtsliet: Psalm 123 Ik slaan myn eagen nei de himel op**

1 Ik slaan myn eagen nei de himel op,  
en 'k bid, o God, en rop,  
Sa't feinten d' eagen opslaan nei har hearen  
om sa har wil te learen  
en fammen harren blik rjochtsj' yn fertrouwen  
op 't antlit fan har frouwen,  
sa riist ús each nei God om ried en died  
oant Hy syn geunst gebiedt.

2 Wês ús neiby, ûntfermje Jo, o God,  
by elk stean wy foar spot!  
Undaaiiber is wat wy te hâlden krije,  
ûnminsklik wat wy lije.  
Dy smaad fan spotters is om fan te grizen,  
ferachting fan waanwizen  
hjitfolget ús en wiist en piuwt ús nei.  
Nim, Hear, dit foar ús wei!

### **Fotum en Groet**

### **Lyts Gloria**

Eare oan de Heit en oan de Soan en de hillige Geast, lykas yn it  
oanbegjin, no en jimmer, en fan ivichheid oant ivichheid. Amen.

### **Gebed**

## Lofliet: Psalm 146a: 1 Kom lit ús fleurich sjonge

1 Kom, lit ús fleurich sjonge  
in bliid en fleurich liet,  
foar Him dy't al ús gongen  
bestjoert mei wize ried.  
Ik sjong myn God en Heare  
in lofsang ta fan d' ierd',  
'k wol Him fan herten earje  
dy't altyd mei my giet.

## Gebed

### 1e lêzing: Filemon 1-20

*(Foarriedige oersetting fan it projekt Fryske Bibeloersetting:  
[www.fryskebibel.frl](http://www.fryskebibel.frl))*

1. Fan Paulus, om Kristus Jesus yn 'e finzenis, en fan Timoteüs, syn broer, oan Filemon, ús dierbere meiarbeider, 2. en oan Apfia, ús suster, en oan Archippus, ús meistrider, en oan de mienskip dy't byinoar komt by dy yn 'e hûs. 3. Genede foar jimme fan God, ús Heit, en fan Jezus Kristus, ús Hear.

4. Ik tankje God alle kearen dat ik oan dy tink yn myn gebedens. 5. Want ik hear oer dyn leafdefolle trou oan 'e Hear Jezus en foar alle leauwigen oer. 6. En ik bid dan datsto troch it leauwe datsto hast ta it besef komt fan al it goede dat der foar ús is yn Jezus Kristus. 7. Want ik bin o sa bliid wurden en wakker bemoedige troch dyn leafde, omdat troch dy, broer, de leauwigen wer nije kriich hawwe.

8. Dêrom, hoewol't ik troch ús bân yn Kristus it folste rjocht haw om dy in opdracht te jaan, 9. dochs freegje ik dy om 'e wille fan 'e leafde leaver om in geunst. Mei dat útgongspunt, in âlde Paulus, no ek noch om Kristus Jezus yn 'e boeiens, 10. freegje ik dy om in geunst foar myn bern, dy't ik sis mar yn 'e boeiens krige haw, Onesimos. 11. Earder hiesto neat oan him, mar no kinne do en ik beide wat oan him hawwe. 12. Ik stjoer him nei dy ta, mar hy is my o sa dierber. 13. Ik woe him earst by my hâlde, dat er yn dyn namme op my passe koe no't ik yn 'e boeiens sit om it evangeelje. 14. Mar sûnder dyn goedfinen wol ik neat dwaan. Do moatst it goede net dwaan omdat it net oars kin, mar út eigen frije wil.

15. Miskien hat er dêrom wol in skoftke by dy wei west, datst him no foar altyd weromkrigest, 16 net mear as slaaf, mar fier dêrboppenút, as in leave broer. Foar my is er dat teminsten al, en hoefolle mear kin er dat dan wol net foar dy wêze, minsklik besjoen likegoed as troch de bân mei de Hear? 17 Dus asto fynst dat wy maten binne, nim him dan yn 'e hûs, krekt as wie ik it. 18 En as hy dy skea tabrocht hat of by dy yn 'e skuld stiet, rekkenje dat my dan oan. 19 Ik, Paulus, skriuw dit mei myn eigen hân: ik sil it dy betelje. Want ik wol dy der net op oansprekke datsto by my foar mear yn 'e skuld stiest. 20. Ja broer, ferbûn yn 'e Hear hoopje ik fan dy wat te krijen. Bring myn ûnrêst ta bedarjen fanwegen ús bân mei Kristus.

### **Liet 896: 1, 2, 3 en 4 Wie heeft zijn geld verloren**

1 Wie heeft zijn geld verloren,  
het goed waarvan hij leeft  
en zoekt nu uiten treuren  
tot hij gevonden heeft.

2 Wie heeft een kind verloren  
en zoekt niet overal  
met handen, ogen, oren  
en tranen zonder tal.

3 Wie heeft zijn God verloren  
en zoekt niet her en der  
op aarde, in de hemel,  
geen verte gaat te ver.

4 Als zo de mensen leven  
en zoeken is hun lot  
en vinden is hun zegen:  
hoeveel te meer dan God.

## 2<sup>e</sup> lêzing: Lukas 15: 1-10

1. Alle tollenaars en zondaars kwamen Hem opzoeken om naar Hem te luisteren. 2. Maar zowel de farizeeën als de schriftgeleerden zeiden morrend tegen elkaar: 'Die man ontvangt zondaars en eet met hen.' 3. Jezus vertelde hun toen deze gelijkenis: 4. 'Als iemand van u honderd schapen heeft waarvan er één verloren is geraakt, laat hij dan niet de negenennegentig andere in de woestijn achter om naar het verdwaalde dier op zoek te gaan tot hij het gevonden heeft? 5. En als hij het gevonden heeft, legt hij het vol vreugde op zijn schouders 6. en gaat hij naar huis. Daar roept hij zijn vrienden en burens bijeen en zegt tegen hen: "Deel in mijn vreugde, want ik heb het schaap gevonden dat verdwaald was." 7. Ik zeg u: zo zal er in de hemel meer vreugde zijn over één zondaar die tot inkeer komt dan over negenennegentig rechtvaardigen die geen inkeer nodig hebben.

8. En als een vrouw tien drachmen heeft en er één verliest, steekt ze toch de lamp aan, veegt het hele huis schoon en zoekt ze alles af tot ze het muntstuk gevonden heeft? 9. En als ze het gevonden heeft, roept ze haar vriendinnen en burens bijeen en zegt: "Deel in mijn vreugde, want ik heb de drachme gevonden die ik kwijt was." 10. Zo, zeg Ik u, heerst er ook vreugde onder de engelen van God over één zondaar die tot inkeer komt.'

## Gesang 50: 1 en 2 O grutte God en goede Hear (*Lieteboek 1973*)

1 O grutte God en goede Hear,  
ik krij it mei mysels net klear.  
Ik rop ta Jo by nacht en dei,  
want sûnder Jo wie 'k lang al wei;  
ik hie net iens mear bidde doarst,  
hie Jezus my net leard hoe't 't moast.

2 Ik bin in skiepke dat ûnwis  
omdoarmet yn 'e wyldernis;  
ik bin in jildstik, lang ferlern,  
in soan yn skuld, in ôfdwaald bern.  
En dochs wie ik jo eigendom;  
o Heit, nim my yn hûs werom!

## Preek

### Liet 896: 5, 6 en 7 Wie heeft zijn geld verloren

5 Hij ziet ons al van verre  
omdat Hij ons bemint  
en liever dan de sterren  
is Hem een mensenkind.

6 En voordat wij Hem zoeken  
zijn wij gezocht door Hem  
en nu wij om Hem roepen  
geeft Hij ons deze stem.

7 En wie het wordt gegeven  
bespeurt Hem overal  
in woorden allerwegen,  
in mensen zonder tal

### Gebedens, ôfsletten met Us Heit

Us Heit yn 'e himel,  
lit jo namme hillige wurde,  
lit jo Keninkryk komme,  
lit jo wil dien wurde op ierde likegoed as yn 'e himel.  
Jou ús hjoed ús deistich brea  
en ferjou ús ús skulden sa't ek wy ús skuldners ferjûn hawwe  
en lit ús net yn fersiking komme mar ferlos ús fan 'e kweade.  
Want jowes is it Keninkryk  
en de krêft en de hearlikheid  
oant yn ivichheid. Amen.

## Kollekte

De kollektes binne foar jeugdwerk en tsjerke.

Jo kinne ek in jefte oermeitsje op it bankrekkeningnûmer fan de diakony:  
NL61 RABO 0340 6034 96 tnv Diaconie SSLW.

Foar de tsjerke kinne jo in jefte oermeitsje op it bankrekkeningnûmer fan  
de tsjerke: NL18 ABNA 0872 5490 89 tnv Prot Gemeente SSLW.

## Slotliet: Psalm 146a: 4 en 7 Kom lit ús fleurich sjonge

4 Hjir wurde rjocht en frede  
oan dy't Him tsjinje jûn,  
Hy hat him yn genede  
oan harren lot ferbûn.  
Hy sil har help' en liede,  
syn wurden binne wis.  
God sil syn rjocht folfiere,  
der't no noch ûnrjocht is.

7 Hoe soe ik, lyts en himpen,  
myn God de eare jaan?  
Hy yn syn hege timpel,  
Ik yn myn ierdske dwaan.  
Mar Jo woll' oan my tinke,  
myn Hear' en myn behâld,  
dêrom lit ik wjerklinke  
jo lof oer hiel de wrâld.

**Seine, beäntwurde mei songen Amen**

**Musyk nei de tsjinst: You Raise Me Up – arr. Teake Greidanus**

De tv-tsjinsten binne inkeld mei jo stipe mooglik.  
Jo kinne in bydrage oermeitsje op rekkennûmer  
NL15RABO 0373 744 471 t.n.v. stichting tsjerke en media fryslan  
Tige tank alfêst foar jo stipe!  
Sjoch alle tsjinsten werom op [www.tsjerke.media](http://www.tsjerke.media)

De tv-diensten zijn alleen dankzij uw steun mogelijk.  
U kunt een bijdrage overmaken op rekeningnummer  
NL15RABO 0373 744 471 t.n.v. stichting kerk en media fryslan  
Alvast hartelijk dank voor uw bijdrage!  
Zie alle diensten terug op [www.kerk.media](http://www.kerk.media)

